



De Afûk winsket jo Noflike Lêsdagen!

Sinteklaas is yn it lân en de krystdagen steane alwer foar de doar. Witsto efkes net wat der op dyn ferlanglistje stean moat of wolst graach in orizjineel kado jaan? Tink dan ris oan in Frysk boek, in moai en persoanlik kado.

Doch in boek kado!

Mei 'Doch in boek kado!' wolle wy omtinken jaan oan alle moaie Fryske boeken dy't der binne. Berneboeken, foarlêsbouken, dichtbondels, romans of itensiedersboeken... Mar ek Fryske (kryst)kaarten en leuke kado-artikels. De grutste kolleksje Fryske boeken en kado's fynst altyd by de Afûk!

Afûk BoekeTip10

Hast ynspiraasje nedich by it útsykjen fan in boek?

Sjoch dan ris yn de Afûk BoekeTip10. Dy wurdt alle moannen gearstald út de moaiste boeken foar jong en âld. De BoekeTip10 wurdt op de earste fan de moanne bekend makke op ús website en socials, en is fansels ek te finen yn de Afûk-winkel en op websjop.afuk.frl.

Fergees ferstjoere!

Winkelje by de Afûk is mei de aksje 'Doch in boek kado' ekstra leuk en foardielich! Fan sneon 9 o/m snein 17 desimber betellest yn ús websjop nammentlik gjin ferstjoerskosten mei de koartingskoade **DIBKKRYST2023**.

Folge de Afûk op Facebook of Instagram foar de leukste kadotips foar de feestdagen!

Frysk leare?!

Liket it dy leuk om berjochtsjes, kaartsjes en teksten maklik en flaterfrij yn it Frysk te skriuwen? Folgje dan in kursus Frysk Skriuwen! Dy kursus is geskikt foar wa't it Frysk ferstean en prate kin en no ek it Frysk skriuwen yn 'e macht krije wol. Nijsgjirrich wurden?

Bent u in Friesland kome wone en wilt u de taal kunnen verstaan en lezen? Wilt u Fries leren spreken? Dan ben je bij de Afûk aan het juiste adres. Wij hebben een mooie groep docenten met een grote passie voor de Friese taal.

Wanneer je een (online) groepscursus met docent volgt, krijg je iedere week les, met uitzondering van de schoolvakanties en officiële feestdagen.

Wil je op een unieke locatie in een zeer korte tijd Fries leren verstaan, lezen én de basis leggen voor het Fries spreken? Dat kan! Van 4 t/m 8 maart 2024 kun je een spoedcursus Fries volgen op Terschelling. Onder begeleiding van twee docenten word je in een kleine groep een midweek lang 'ondergedompeld' in het Fries. Geef je snel op, want VOL = VOL!

Hasto nei it lêzen fan dit berjocht belangstelling, pak troch en jou dy op! Ga voor meer informatie naar kursus.afuk.frl.



Rymje yn it Frysk!

Moatst dit wykein noch in Frysk sinteklaasgedicht ynelkoar sette? Gean dan gau nei frysker.nl, want dêr fynst no ek it Frysk Rymwurdboek! Superhandich foar alle helpsinteklazen, hobbyrappers en aspirant-dichters.

It Rymwurdboek is in útwreiding fan frysker.nl, it digitale skriuwark dat stipe biedt by it opstellen, staverjen en oersetten fan Fryske teksten.

It Rymwurdboek is ûntwikkele troch de Fryske Akademy en streekrjocht te benaderjen fia rymwurdboek.nl.



heit&mem podcast

Yn de nije heit&mem-podcast prate Froukje Sijtsma (host fan de podcast) en Dieuwke van der Meer (co-host en haadredakteur heit&mem) oer it grutbringen fan bern en alles wat dêromhinne spilet. Yn dizze twadde podcast is Robert Colijn te gast, hy is heit fan seis bern. Robert fertelt oer hoe't it is om sa'n grutte húshâlding te hawwen. Ek berneboeke-ambassadeur en skriuwster Tialda Hoogeveen is oanskood. Sy fertelt oer har passy foar Frysktalige berneboeken, en hoe't sy bern en folwoeksenen dêr entûsjast foar makket. Tsjek: heitemem.nl/podcast.

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

yfno@afuk.frl
www.afuk.frl

[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl, of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 **Dwarsliggers in Appelscha**
Marianne Kootstra
€ 29,95

Fjirtich ferhalen oer 100 jier skiednis fan fiif generaasjes Friezen yn it feandoarp Appelskea. Jeugdootinkens wurde ôfwiksele mei famyljerhalen en anekdoates út it 'reade' Appelskea.

2 **De Jonge, de Mol, de Foks en it Hynder**
Charlie Mackesy
Oersetter: Baukje Wytisma
€ 24,95

De 100 yllustraasjes en de poëtyske teksten yn dit boek fertelle it ferhaal fan in bysûndere freonskip, tusken de jonge en de trije bisten. In prachtige moderne klassiker.

3 **De Freon**
I.E. Bloem
€ 17,50

De Freon is de tredde Young Adult-roman fan I.E. Bloem. Mei *It neidiel fan 'e twivel* wûn de skriuwer yn 2022 de Simke Kloostermanpriis foar it bêste Fryske jongereinboek.

4 **Sirkelgong de see**
Jaap de Jong
€ 19,50

Sirkelgong de see is in bondel reisferhalen fan Jaap de Jong. De skriuwer is seekapitein en wend om op syn reizen goed om him hinne te sjen.

5 **Omke ûle sjocht stjerren**
Paul van Dijk
€ 14,50

It twadde prachtige en kleurrike printeboek oer Omke ûle en syn neefke Eppy. Omke ûle wol hiel graach nei de romte. In waarm ferhaal oer freonskip en it neijeien fan dyn dreamen.